

Projektôfsluting en evaluaasjerapport  
fan it projekt



..en altyd dagen en jierren..

Grutmasterkursus Poëzy  
(Frysk)

Projektôfsluting stifting Grotesk  
Boomstraat 32d 1015 LC Amsterdam  
ynfo@grotesk.site  
Taret troch F. Riemersma  
Op 30 oktober 2020

## Gearfetting

Wy binne tankber foar it fertrouwen fan de stipejouwers en wy binne grutsk dat wy ús projekt mei hiel positive risseltaten ôfslute kinne. Tsjin de eftergrûn fan in pandemy dy't de keunst noch kwetsberder makket, ha wy in Grutmasterkursus Poëzy organisearre foar de Fryske literêre dichters dy't al effektyf publisearje. Foar dy doelgroep ûntbrekt binnen Fryslân it kursusoanbod. It doel fan ús kursus wie it finen, fersterkjen en stjoeren fan it eigen artistike proses. De kursus wie net op in produkt rjochte om't dat neffens keunstners mar in 'artefact' is fan har profesjonaaliteit. It projekt is hifke mei in enkête ûnder de kursisten. De fynsten wiene dat de kursus goed wie, oansleat by de ferwachtingen en romte hie foar yndividuele nedens. Wy konkludearje dat der ferlet is fan keunstkursussen: kursussen foar de publisearjende dichter kinne taheakke wurde oan de programma's fan Fryske aanbieders. Wy befelje dêrby wol de iepen workshop-foarm oan.

## Ynlieding

Utjouwerij Grotesk bea in grutmasterkursus poëzy oan en organisearre dy foar dichters dy't al effektyf publisearje. De wykeinkursus fan 16 oeren krige syn beslach yn Ljouwert, sadat Fryske dichters foar kursoarysk ûnderstypjen net nei de rânstêd hoege. Troch in ynteraktyf programma koe de kursuslieder him folút rjochtsje op de mooglikheden en obstakels fan seis kursisten. Yn dit evaluaasjerapport fertelle wy hoe't de kursusstof en de manier sa't de kursus jûn is oansleat by de winsken en nedens fan de kursisten dy't meidiene (nei it ferlet by it hiele doelskift fan publisearjende dichters is gjin ûndersyk dien). De hifkingsmetoade is in Likertskaal-enkête mei romte foar eigen opmerkingen, dy't opstjoerd is nei ôfrin fan 'e kursus en thús ynfolle. Dy metoade lit sjen hokker projektelementen fertuten dogge. Ek beskriuwe wy hoe't it projekt oanbean is, hoefolle fan it budzjet oft brûkt is en wat mooglik duorsume útkomsten binne.

## Projektbudzjet

### Budzjet en Feitlike Bedraggen

	Goedkard budzjet	Feitlik útjûn	Ferskil (negative wearden betsjutte ûnderbesteging)	Opmerkingen
Projekt	€1 550,00	€1 304,40	- € 245,60	Mar 1 kursuslieder is ynset (ynstee fan 2); wol is it budzjet oanpast op hegere beleaning. De aktiviteit is net-ekonomysk, btw is net fan tapassing.
Ekstra útjeften	0	0	0	De fideokosten binne net goedkard as part fan it projekt; de fideoproduksje gie net troch.
Meiinoar	€1 550,00	€1 304,40	- € 245,60	

De projektkosten foelen leger út troch twa oarsaken. Earst ha wy it oparbeidzjen mei ien fan 'e oanlutsen kursuslimieders beëinigje moatten. Om 'e ekstra tariedingstiid fan de oar te fereffenjen is de beleaning mei 50 persint ferhege (fan 35 nei 50 euro). Twad twongen de pandemymaatregels ta oanpaste ferhier fan gearkomsteplakken, yn ús gefal gjin kommersjele sealkosten, mar inkeld de kosten fan levere tsjinsten. De kursus siet samar fol, sadat de marketingkosten tafoelen.

De ekstra útjeften soene kommen wêze út de fideoferslaggen fan de grutmastkursus. Dy fideo's koene de kursus beskikber meitsje foar in grutter doelpublyk fan dichters, troch har (sûnder paywall) op literêre websiden te setten. It meitsjen fan de fideoearje siet net yn it oarspronklike projektplan. Om de oanfoljende kosten leech te hâlden omfette it fideoprojekt in staaizeopdracht foar hbo-kommunikaasjestudinten. Troch de pandemymaatregels gie it subprojekt net troch.

## Befiningen en debat

De kursus is opset neffens de nijste ynsjoggen oer keunstûnderwiis: systematysk nij hanneljen bart as útkomst fan in ûnderfining yn in beskate situaasje. Oarspronklikheid, fisy en kritysk tinken binne beskiedend. Bliken die dat dat oanslút by it ferlet en de ferwachting. Guon kursisten seiden ûnder en nei de kursus dat se wiis wiene mei de iepen workshop-opset. Dichters fan har nivo rjochtsje har op it skeppen fan in eigen stim en emosjonele atmosfear. Dêrom helpt it skriuwen en dalik analisearjen, mei 'peer critique' en ynteraktive diskusje, har tige (oars as it klassikale technykfersterkjen dat hja wûn binne fan poëzykursussen), seiden hja. Ien kursist sei dat se ferrast wie troch de húsllike sfear fan de kursus, dy't neffens har de faktor wie dy't de feilige romte foarme om te eksperimintearjen. Wy binne tefreden dat dat ús slagge is.

Neitiids follen de kursisten thús in enkête yn mei 14 fragen oer de kursus, 8 oer de kursuslimieders en 2 oer de kursist sels en derneist romte foar eigen opmerkingen. Wy hawwe in 6-punts Likert-skaal brûkt en mei R de medianen berekkene. De relevânsje fan de kursus wie (hiel) heech. It ôfstimmen op de yndividuele winsken en nedens wie goed. Wat de effektiviteit en doelmjittigens fan de kursus oangiet, om't de rol fan in tastân fan belutsenens, lykas by gamen, learútkomsten ferbetteret, besykje jo om der aspekten fan 'flow' en ûnderdompeling yn te bringen. Mar de yntensiteit fan de wykeinkursus, twaris in kontinuprogramma fan 8 oeren, blykt net geskikt foar alle kursisten, ek al is de kwaliteit fan de kursus as gehiel as heech/hiel heech beoardiele.

De ynfloed op 'e kursist, lange en koarte termyn, en de duorsumens fan it projekt yn it kulturele fjild binne noch net fêst te stellen. Om lange termyneffekten te fersterkjen is ien fan de doelen fan de kursus dat de kursisten byinoar bliuwe as (digitale) 'peer to peer workshop'. Ek ûntwerpt Grotesk in nij kursusprojekt foar 2022, dêr't de learde lessen liedend by binne.

## Oanrikkemendaasjes

It belang fan keunst yn in maatskippij kin net genôch ûnderstreke wurde: it tsjinnet om ús besef fan skjintme en ús ferwûndering oer de wrâld te ferfoljen en de popkultuer kin dat net lykmeitsje. Yn Fryslân hat it kursoarysk ûnderstypjen fan publisearjende literêre dichters gjin plak. Grotesk wol dêryn foarsjen. Dêrby litte wy in neikommende yn ús omgean.

- Al is it dreech yn in lyts en krimpjend taalgebiet, wy moatte tinke om it ferskaat fan de kursisten. Want just út de ferskillen yn har paad, doel en ideaal blykt—folle mear as út de ynstruksje fan 'e kursuslieder—dat de skynber solide wissichheden fan goed skriuwen yn 'e *keunst* net bestean as it kritearium dêr't teksten oan hifke wurde; the sky is the limit.
- In keunstkursus moat net mikke op it konvinsjonele ambachtferrykjen fan de yndividuele kursist, mar op sûnere en duorsumere learomkriten. Keunstners moatte feardichheden opdwaan lykas fearkrêft, moed en doelberettens en in groei-mentaliteit, sadat fuortgong fansels trochgiet nei in kursus. Troch oan te trunen op heldere eigen ferwachtingen en doelen en it sjen fan de korrelaasje tusken it diene wurk en de artistike 'opbringst'—altdy in proses—skeppe jo in fruchtberder learfûnemint.
- It oanbod fan leechdrompelige en trochsetterskursussen is grut en goed. Foar publisearjende literêre Fryske dichters is der yn Fryslân neat. Foar har sil Grotesk, mei't wy bliken ha fan it ferlet en de relevânsje fan 'e kursus, him bliuwend ynsette. Grinsferlizzende ûnderwiisbeneieringen ha fertuten dien, dêr't teory praktisearre wurdt en praktiken teoretisearre en de kursusunhâld hieltyd groeit ensafuorthinne. Dy sille wy opnij brûke.

De eftergrûnteksten dy't skreaun binne as kursusstof—samle tips fan beropsdichters oer technyske of artistike aspekten, literatuerkrityske essees en oar ferdjipjend materiaal—sille mei koarten ferskine, bondele ta in syllabus, as online tekstesearje, e-book en papieren útjefte.

## Taheakken

- A Projektbudzjet Grutmasterkursus Poëzy
- B Duetfers: in priuwke fan de kursusopdrachten.



Datum: oktober 2020

## Grutmasterkursus Poëzy ..en altyd dagen en jierren..

YNKOMSTEN	Budzjet	Feitlik/takend	Ferskil	
<b>Ynterne Finansiering</b>				
Eigen 'Pot'/Begruttingsmiddels			0	
Klant Berekkenjen/Fakturearjen	480	480	0	
Besteande Ynkomsteboarnen			0	
Oar			0	
Ynterne ynkomsten meiinoar	480	480	0	
<b>Eksterne Finansiering</b>				
Oerheidsstipe	570,00	1.070,00	500,00	LjouwertCoL
Fûnsen	500,00	500,00	0,00	Feitsmafûns
Donaasjes			0,00	
Oar			0,00	
Eksterne ynkomsten meiinoar	1.070,00	1.570,00	500,00	
<b>YNKOMSTEN meiinoar</b>	<b>1.550,00</b>	<b>2.050,00</b>	<b>500,00</b>	
<b>UTJEFTEN</b>				
<b>Programmakosten</b>				
kursuslieders	1.120,00	800,00	320,00	
ûnkosten en reiskosten meiwurkers	0,00	124,22	-124,22	
kosten romte- en fasiliteitehier	150,00	230,18	-80,18	
gearkomstemateriaal	50,00	0,00	50,00	
Programma meiinoar	1.320,00	1.154,40	165,60	
<b>Marketing- en Reklamekosten</b>				
'direct marketing'	50,00	0,00	50,00	
Marketing en reklame meiinoar	50,00	0,00	50,00	
Bestjoerlik Understypjen (13%)	180,00	150,00	30,00	
<b>UTJEFTEN meiinoar</b>	<b>1.550,00</b>	<b>1.304,40</b>	<b>245,60</b>	
<b>NETTO (Ynkomsten - Utjeften)</b>	<b>0,00</b>	<b>745,60</b>	<b>254,40</b>	

Utjouwerij Grotesk, Boomstraat 32d, 1015 LC Amsterdam

ynfo@grotesk.site

020 693 86 31

www.grotesk.site

KfK. 66810531

IBAN NL94 TRIO 0338 4036 04

## Wabisto?

Wabisto? Jeckill?  
Nee: Kuiper.  
Nee.  
Ja.  
Hyde...  
Ik bin in finer.  
Nee.  
Ja?  
Doch net sa flau, do.  
Ik mien it!  
Ik bin do.  
Wabisto?  
Wa bisto?  
Ik.  
Do.  
Do.  
Do? Ik bin ik.  
Dobisto.  
Wachtsje. Wa bisto ek alwer?  
Dat is plagiaat.  
Ik bin ik ommers.  
Dat sei ik al.  
Jamar, dat seit elkenien.  
Ik bin elkenien.  
Ik bin *ek* elkenien, soms teminsten, bin ik  
elkenien.  
Do bist net ien.  
Ha! Kenst dy fan Homearos?  
Homearus is in frou.  
Nee, ik ken gjinien.  
Moasto krekt sizze.  
Kensto gjinien?  
Wa is no gjinien?